


6-2-'82.

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Sytske Dijkstra-Bouwhuis, tel. 2968
 Richt Speerstra-Bakker, ,, 2635
 Rients van Buren, ,, 9280
 Marten Kikstra, ,, 9269
 Jan Dijkstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dijkstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Wergea

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
 Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800 t.g.v.
 It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.....
FOARWURD:

It is wer maaitiid. De beammen wurde wer grien, de blommen
 bløeie wer en ek de húsfroulju ha it wer te pakken.

Ek is der dit jier troch ferskate doarpsgenoaten wer socht
 nei it earste ljipaai. Lyk as ferline jier, stelde de redaksje
 fan it Skieppesturtsje de wikselbeker wer beskikber foar de
 finer fan it earste ljipaai. Hjir is dan ek wol dagenlang
 nei socht, mar op 18 maart om 2 oere is it earste ljipaai
 fûn troch Jan Blanksma. Hy wie dy middeis oan't sykjen en
 seach boppe it strontlân fan fam. Bruinsma in roek. En, ja
 hear, efkes letter seach er in ljip fan it nêst kommen;
 hy der hinne mar tagelyk kaam ek Meinze Bakker der oan.
 No waard it noch efkes spannend, mar Jan wie echt de earste,
 hoewol't Meinze sei: "Ik hie it ek sjoen."

Sa is it dit jier dus op 18 maart fûn troch Jan Blanksma,
 en ferline jier wie it 17 maaie troch Jaap van Lingen.
 Jaap hat syn beker ynlevere en krige fan'e redaksje in lytse
 beker as oantinken. Jan hat doe de wikselbeker yn ûntfangst
 nommen.

Fierder wie der fansels noch mear nijs yn Tsjerkwert:
Zuster Bakker wie op 15 april, 25 jier ferbûn oan it
"Oranjeoord" yn Harns. Op 15 april 1957 gie zuster
Bakker nei it "Algemeen Protestants Ziekenhuis,"
wer't se in oplieding folge foar ferpleegster.

Yn 1960 slagge se hjirfoar en letter helle se ek har
kream-cantekening. Se kaam op 'e ynterne ôfdieling
te wurkjen, wat ek har winsk wie.

Yn 1960 waard der ferhuze nei it nije sikenhûs, wer't
zuster Bakker 1ste ferpleegster waard en koart dêrnei
sels haad fan 'e ynterne ôfdieling.

Dit wurk docht se no noch en mei folle plesier.

Zuster Bakker, fan herte lokwinske mei dit jubileum
en wy hoopje, dat jo de kommende jierren mei like
folle wille nei jo wurk geane as de ôfrûne 25 jier.

Foar safier de redaksje en de folgjende kopy graach
foar 15 juny by ien fan ús.

S.D.

: , : , : , :

Berichten van de Dorpsomroeper

De Prov. Verkiezingencampagnes zijn weer voorbij;
de partijborden die zo ontsierend tegen de Voorjaars-
hemel stonden, zijn inmiddels weer weggehaald.

Een groot aantal landgenoten pleegde stembusstaking.
Vele mensen zijn hun geestelijk houvast kwijt. Ze
weten het niet meer. Veel is beloofd door de Politici
die ze niet waar konden maken en dat geeft een grote
kater.

Men kan echter niet zonder meer stellen, dat de bur-
gers niet bereid zijn stappen terug te doen in hun
bestedingen en consumptie. In feite zijn de meesten
al jaren bezig zuiniger te doen met dure aankopen,
vacanties, autorijden, kleding, behuizing, eten en
drinken. "De Nieuwe gehakteters" zijn allang weer
onder ons, maar de ouderen onder ons hebben dat al
eens eerder meegemaakt. Zou het dus toch waar zijn,
wat een Historicus eens heeft gezegd, dat de geschie-

denis ons leert dat men niets van de geschiedenis heeft geleerd?

Een vooraanstaand Politicus, de naam weet ik niet zo goed meer, ik meende dat hij al eens Vice Premier geweest is, riep dan ook het Ned. Volk op tot:

"De handen ineem en uit de mouwen".

Hoe dat moet, snap ik niet.

De handen ineem, dat kan volgens van Dale van Verbazing en ontzetting, maar hoe krijg je ze eenmaal ineem, ook nog uit de mouwen?

Moeten ze niet eerst uit de mouwen en dan ineem?

- - - - -

Mensen houden van Bloemen

Tuinwedstrijd 1982:

Voor de 5e achtereenvolgende keer zal die dit jaar weer worden gehouden. Een aantal keren heb ik de ronde langs de voorjaarstuinen gedaan en het valt mij telkens weer op hoe de mensen hun best doen geweldig! Ik heb er geen ander woord voor.

Lieve vrienden blijf nog even bij de les: de prijzen zullen u bij dit eerste lustrum zeer verbazen.

Om het kort samen te vatten: - waarom eigenlijk een Tuinwedstrijd - de meeste mensen houden nu eenmaal van bloemen. In de eerste plaats natuurlijk vanwege hun mooie kleuren.

Ten tweede een ieder bewondert de Schepper die ze gemaakt heeft en Hem ervoor te danken om van al die kleurenpracht te mogen genieten.

- - - - -

Wandelroute:

De banken zijn al weer geplaatst of dat gebeurt binnenkort; hoogst waarschijnlijk zullen er nog een tweetal aan toegevoegd worden.

En wat die mooie molen in aanbouw hier in ons dorp betreft, die zou er zeker niet misstaan. Dat zou nog eens een prachtige aanwinst zijn. Tenslotte vele uren van aangename rust op de route als zowel op de prachtige Zitbanken.

Korte Berichten:

- Het Verslag van de reis met het openbaar Streekvervoer houdt u nog te goed, omreden dat die reis nog niet gemaakt is.
- De spelen van de eerste Divisie Club Heracles uit Almelo werden door de leiding gestraft met een geldboete omreden dat ze twee achtereenvolgende wedstrijden hadden verloren.
- Enkele jaren geleden dreigde het staatshoofd van Liberia zelf met gevangenisstraf als het Landelijk Elftal zou verliezen.
- En inmiddels is onze Vorstin ook alweer een tijdje terug van haar bezoek aan onze Oosterburen; voor een koopje schreef een Landelijk Ochtendblad. Kosten f 30.000,--, nu dat is maar weer mooi meegenomen.
- Wist u dat er momenteel 13 miljoen werkelozen zijn in W.Europa. Daarom besluit ik deze korte berichten met Spreken is Zilver - Werken is Goud.
- En het leuke van de Zomertijd is: het langere licht 's avonds en dan zijn er dan mensen op straat die nog even van het mooie weer willen genieten, een ommetje maken of net als de meesten van ons nog eens om een praatje verlegen zitten. Geef mij daarom de zomertijd maar, je leert je buren en de mensen in je straat weer kennen en je hoort nog eens wat.

Dan sluit ik deze berichten af met de wens dat het voor u en voor mij een Voorspoedige tijd moge worden. De tijd in ons gewest is weer komende dat alles weer groeit en bloeit en steeds weer boeit.

Allen de h.gr. van de
Dorpsomroeper.

() () () () ()

E.H.B.O.-ploech Tsjerkwert:

Hast altyd, sa oan 'e ein fan it winterskoft as elts syn 8 herhellingslessen hân hat, is der in rayonwedstriid.

Dizze kear wie dat yn de Doele te Boalsert. Op 22 maart hawwe Akke Gietema, Hinke Twynstra en Tine Miedema tige harren bêst dien om sa goed mooglik foar it ljocht te kommen. De opdracht wie om in bewusteloaze man en in inrou mei in kniesde pols te behanneljen. De man lei boppedat ek noch ûnder in treppen.

It slagge harren tige om de gewûne minsken te helpen. Der diene 7 ploegen mei, wêrfan Tsjerkwert op it twadde plak eindige.

1ste Wytmarsum, 120 punten; 3e Boalsert, 94 punten;
2e Tsjerkwert, 114 ,, ; 4e Nestlé, 82 punten.

B-poule: 1e Drylts, 91 punten; 2e Kimswert-Arum-Achlum,
90 punten; 4e Blauhûs, 74 punten.

Boppedat sy de twadde priis hiene yn de A-poule, hie Akke Gietema ek noch de twadde priis foar de liedsters/ders mei 41 punten.

J.P.

/£/£/£/

NIJE YNWENNERS

Hallo allemaal,

Ik ben Haye Huitema. Ik ben hier in Tjerkwert geboren, nu 25 jaar geleden. Ik werk bij Ule Haarsma, het loonbedrijf.

En ik ben Tea. 'k Ben 22 jaar oud en werk in het bejaardenhuis "Teatskehûs" te Blauwhuis. Parrega is m'n geboorteplaats. Wij wonen op Sylroede 17 sinds 18 maart.

Tevens willen wij iedereen hartelijk bedanken voor de bloemen, kaarten of andere attenties, die wij mochten ontvangen op onze trouwdag en als welkom

op de Sylroede.

Haye en Tea
Huitema-de Haan.

'&'&'&'

Nieuws van de kaarttafel:

Het kaartseizoen is weer gesloten. We hebben een gezellige winter gehad, de 20 leden kwamen trouw op en kaartten furieus om de punten.

De uitslag van de competitie is als volgt:

- | | |
|---------------------|-----------------------|
| 1. Jelly de Haan; | 11. Yeb Wittveen; |
| 2. Rikus Rudolphi; | 12. Geertje Poelstra; |
| 3. Tietie Kikstra; | 13. Wybe Bruinsma; |
| 4. Maaïke Brandsma; | 14. Bertus Walsma; |
| 5. Yde Bolta; | 15. Cilia Bolta; |
| 6. Pieter Poelstra; | 16. Rika Brandsma; |
| 7. E. Witteveen; | 17. Anneke v. Buren; |
| 8. Josien Uivel; | 18. Berend Hof; |
| 9. Alie Veldhuis; | 19. D. Walsma; |
| 10. Ria Rudolphi; | 20. Klaas Galama. |

Voor de eerste prijs was een wisselbaker aangeboden door de beheerders van het Waltahûs en deze is met een toepasselijk woord aangeboden aan Jelly de Haan.

Verder een heel prettige zomer toegewenst en u hoort weer van ons in het najaar van 1982.

T.K.

=%=%=%=

BOARGERLIKE STAN: Op 2 april waard by George en Jeanet Volbeda op Iemswâlde in jonkje berne, dy't de namme DINGENUS (DIES) meikrige.

Der waard ek wer omraak trouw: Haye Matheus Huitema en Teatske de Haan út Parregea trouwen op 18 maart.

Sy wenje no op Sylroede 17.
Op 30 maart trouden Peter Rozenberg en Gea Veldhuis, dy't
in stik as fjouwer iepen dagen holden. Sy wenje yn 'e
Tsjerkstrjitte. Alle gearre fan herte lofkwinke.

Wy woene graach elkenien betankje foar de kaartsjes
en presintsjes, dy't wy krigen ha mei de berte fan
IDS, en ek foar de belangstelling tidens syn fer-
bliuw yn it sikehûs. It giet no alle gearre wer goed
mei him en hy groeit al lekker.

Bertus en Nellie,
Marieke, Durk en Ids.

De natuer wurdt sûntsjes wekker,
út in grize kâlde sliep.
Oeral libben en getsjetter,
en gebletter fan 'e skiep.
't Bloed fan minske en fan bist
streamt no hurder troch de ieren;
ek meskien omdatst wol wist:
-'t Is wer lyk as oare jierren.

Dan opiens falt der in skaad
oer dit brûzjend nije libben.
Ien sekonde wie genôch
om in libben ôf te snijen,
dat yn alles diele woe.

De fûgels swije-
De natuer hâldt d'adem yn-
Alles liket as foarhinne:
griis en kâld.

Rixt.

Bydragen binne kommen fan: B. Burghgraef, Boalsert;
S. Tolsma, Gietsjerk; J. Huitema, Singel; P. Tolsma,
Beabuorren; P. van Helden, Eksmoarre; D. Bakker,
Boalsert; J. Galama, Rytsoerterp; frou D. Bakker, Arkum;
Konradi-Goeman, Snits; R. Posthumus, Iemswâlde;
A. van Lingen, Singel; J. Witteveen, Waltawei;
D. Bakker, Waltawei; A. de Haan, Singel.

Tige tank hjirfoar!

Snypsnaren :

- bij Sybren en Tine Miedema waard in keal sûnder sturt berne. dat kaam moai út, want Sybren hat in hekel oan sturtwaskjen .
sa'n keal soe oars in moai begjin wêze foar in lizboxstâl : gjin sturt, gjin hoarnen, allinne mar oeren.
- bij it krekt troude stel Rozenberg wie it hiele hûs fersierd mei frouljusûnderguod, maandverband ensfh. It wie wol in fleurich gesicht.
- op 'e Sylroede rint al in skoft in reade kat mei in seare rjochterefterpoat. Wa is de eigner ????
- de houn fan Volbeda siet efter klaske P. oan. soe dat komme fan de oanfallige leeftiid ?
- Ruud H. ried mei buorman Sietse G. nei't wurk. Sietse waard oerpleatst en dat hat Ruud jild koste..... hij hat no sels in auto.
- inkelde leden fan Con Spirito hawwe ûnder lieding fan Age Gietema foar de tredde kear de wikselbeker ôfd. sang woun. Hulde !!!!
- Jo kinne op 'e wandelroute met zitbanken noch net sitte, mar ús pleatselike "wijkagent" is drok dwaande.
- Dennis H. socht bij Jehannes en Sytske tikfels foar de kninen. Jehannes út 'e gek: net te folle hear ! Dennis tige serieus : ik bring letter wol wer ris in sekfol werom !!!
- Tsjalke v.d.M. hat it potjild yn beton omset.
- de redaksje fergadert wer op 15 juny en dan moat de kopy der dus wer wêze !!!!!!!

[Handwritten scribble]

